



It orkest

Ik ha in stokje *de wiisfinger is it stokje*
yn 'e hân.

Ik bin dirigint.

Ik swaai it stokje *swaai mei it 'stokje'*
hin en wer.

It muzyk begjint:

Rom bom bom *op'e skonken trommelje*
docht de trom.

Tu tu tet *sabeare op de trompet spylje*
de trompet.

Rom bom bom, tê tê tût. *trommelje en trompet spylje*
No is it ferske út!

Suggestjes

- De bern kinne meiinoar beide kûpletten opsizze en útspylje.
- Ien kin dirigint wêze en de oaren muzikanten. As de dirigint de maat slacht en de muzikanten beide ferskes opsizze, kin it earste kûplet yn de hy-foarm: Hy hat it stokje yn 'e hân ensfh.
- De dirigint kin om beurten in drummer of trompettist oanwize, dy't dan op syn teken in stikje spylje mei.